



Global Goals

Hantrekken riedsútstel

Wat binne de Global Goals?

De Sustainable Development Goals (SDG's), ek wol duorsume ûntwikkelingsdoelen neamd, binne santjin doelen om fan 'e wrâld in better plak te meitsjen yn 2030. De SDG's binne ôfpraat troch de lannen dy't oansletten binne by de Feriene Naasjes, wêrûnder Nederlân. De doelen kamen ta stân op basis fan de wrâldwide ynbring fan organisaasjes en yndividuën.

De duorsume ûntwikkelingsdoelen setten yn 2015 útein en rinne noch oant 2030. Se binne in wrâldwiid kompas foar útdagingen lykas earmoed, ûnderwiis en de klimaatkrisis.

Hoe pas ik dy ta?

Fan no ôf binne de duorsume ûntwikkelingsdoelen in fêst ûnderdiel fan in riedsútstel. Dat betsjut datst by elk riedsútstel sjen moastst hoe't it bydraacht oan in bettere wrâld. De 17 Global Goals helpe dy dêrby.

Oan hokker fan 'e Global Goals draacht it útstel by? Beskriuw de SDG yn it koart en spesifisearje ferfolgens hoe't it útstel datsto skriuwst dêroan bydraacht.



Tip: Bist net tefreden oer de bydrage fan in útstel oan 'e Global Goals? Sjoch dan noch ris nei it plan en ûndersykje oft it útstel troch in oantal wizigingen in gruttere bydrage leverje kin oan in bettere wrâld.

Yn it koart

1. Kies oan hokker Global Goal(s) it útstel bydraacht.
 - Kies maksimaal trije doelen.
2. Beskriuw de Global Goal(s) koart.
 - Tip: brûk de ûndersteande beskriuwingen fan elk Global Goal.
3. Spesifisearje hoe't it útstel bydraacht oan it keazen doel.



SDG 1 – Gjin Earmoed

SDG 1 is rjochte op 'e ôfname fan earmoed yn al syn foarmen.

It giet dêrby sawol om finansjele earmoed as om de impact dêrfan op it libben fan minsken. Yn Nederlân leit de klam op it foarkommen en tsjingeane fan earmoed en grutte skulden, mei spesjaal omtinken foar bern dy't yn earmoed libje.



SDG 2 – Gjin honger

SDG 2 hat as doel om honger te beëinigen, iten te garandearjen en bettere fieding en duorsume lânbou te stimulearjen.


Yn 2030 mei net ien mear honger hawwe. Elkenien moat it hiele jier tagong hawwe ta feilich, streksum en foldwaande iten.



SDG 3 – Sûnens en wolwêzen

SDG 3 stribbet nei in goede sûnens foar jong en âld.

Foarkomme dat ien jong ferstjert troch minne soarch foar mem en bern makket dêr diel fan út, lykas it oanpakken fan lichaamlike sykten en psychyske problemen.



SDG 4 – Kwaliteitsûnderwiis

SDG 4 stribbet nei goed ûnderwiis foar elkenien.

Nederlân rjochtet him op it behâlden en ferbetterjen fan 'e kwaliteit fan it ûnderwiis en it bieden fan kânsen oan jongeren, troch ûnderwiis, training of wurk.



SDG 5 – Gendergelikens

SDG 5 stribbet dernei dat manlju en froulju gelyk behannele wurde en in lykwaardige posysje yn 'e mienskip hawwe.

Dan moat der in ein komme oan 'e efterstân fan foaral froulju en famkes op allegearre terreinen: twang en geweld, wurk en soarch, en ynfloed yn it iepenbiere libben.



SDG 6 – Skjin wetter en sanitêr

Tagong ta drinkwetter en sanitêre foarsjennings en duorsum behear fan wetter foarmje de kearn fan SDG 6.

Wetter foar elkenien beskikber hâlde en wetterfersmoarging tsjingeane, is wêr't Nederlân him op rjochtet. Minder skealike lossingen, it wergebrûk fan wetter, en in leger wettergebrûk moatte de wetterkwaliteit ferheegje en wetterkrapte tsjingeane.



SDG 7 – Betelbere en duorsume enerzjy

SDG 7 leit de klam op enerzjywisigens, it ferduorsumjen en enerzjy-effisjinsje.

Soargje dat elkenien tagong hat ta betelbere, betroubere en duorsume enerzjy. Duorsume enerzjy kinne wy helje út natuerlike boarnen as wetter, wyn en sinne. Om dat te berikken moatte dy boarnen better ûndersocht wurde. Dat jildt ek foar de technology dêr't wy duorsume enerzjy mei opwekje kinne.



SDG 8 – Weardich wurk en ekonomyske groei

SDG 8 stribbet nei ynklusive, ekonomyske groei, wurkgelegenheid en fatsoenlik wurk foar elkenien.

Dat betsjut dat elkenien dy't wurkje kin de mooglikheid hawwe moat om wurkje te kinnen, ûnder goede omstannichheden. Dy banen moatte ekonomyske groei stimulearje sûnder it miljeu oan te taasten.



SDG 9 – Yndustry, ynnovaasje en ynfrastruktuer

Bou fearkrêftige ynfrastruktuer, befoarderje ynklusive en duorsume yndustrialisearring en stimulearje ynnovaasje.

By ynfrastruktuer moatst tinke oan transport, diken, yrrigaasje, enerzjy en ynformaasje- en kommunikaasjetechnology. Om it ûnderwiis, de sûnenssoarch of it drinkwetter te ferbetterjen, is in goede ynfrastruktuer nedich. Troch in bettere ynfrastruktuer is it makliker om oare doelen te berikken en giet de libbenskwaliteit omheech.



SDG 10 – Minder ûngelikens

SDG 10 giet oer it ferminderjen fan ûngelikens yn en tusken lannen.

Elkenien moat deselde kânsen hawwe en belutsen wurde by alle sosjale, ekonomyske en politike aspekten fan 'e maatskippij. Ekonomyske groei moat ynklusyf wêze; dat betsjut dat elkenien derby belutsen wurde moat. En dan moatte wy ek omtinken hawwe foar de sosjale aspekten en it

miljeu.

Mirgraasje en mobiliteit fan minsken moatte better en feiliger organisearre wurde. Diskriminearjende wetten en praktiken dy't de ûngelikens fergrutsje moatte ferdwine.



SDG 11 – Duorsume stêden en mienskippen

SDG 11 rjochtet him op it duorsum wenjen en libjen yn stêden en mienskippen.

Der is in soad druk op 'e leefomjouwing en de beskikbere romte. De stêd fan 'e takomst moat mei help fan ynnovaasje en foarútgong kânsen biede oan elkenien, ynklusyf tagong ta basisfoarsjenningen lykas skjin drinkwetter, húsfêsting, enerzjy, transport en mear.



SDG 12 – Ferantwurde konsumpsje en produksje

SDG 12 konsintrearret him op 'e oergong nei in sirkulêre ekonomy, dêr't wy minder ôfhinklik binne fan grûnstoffen.

It stribjen is om effisjinter gebrûk te meitsjen fan grûnstoffen, en it ferminderjen en op 'e nij brûken fan ôffal oan te moedigjen. Fierder moat it fergriemen fan iten tsjingien wurde. Ta beslút wurde bedriuwen, de oerheid en konsuminten oantrune om bewuste karren te meitsjen.



SDG 13 – Klimaataksje

SDG 13 is rjochte op 'e oanpak fan klimaatferoaring dy't troch minsken feroarsake is.

Wy wolle minsken bewust meitsje fan it feroarjende klimaat, wy wolle de leefomjouwing oanpasse én wy wolle foarkomme dat it klimaat noch mear feroaret.



SDG 14 – Libben yn it wetter

SDG 14 rjochtet him op 'e beskerming fan seeën en oseanen, en op it duorsum brûken fan 'e marine helpboarnen.

Seewetter is it grutste ekosysteem op 'e wrâld. De groeiende negative effekten fan klimaatferoaring, oerbefisking en fersmoarging foarmje in bedriging.



SDG 15 – Libben op it lân

SDG 15 giet oer de beskerming en it werombringen en duorsum behear fan alle foarmen fan libben op it lân.

Beskerming en it werombringen fan ekosystemen en it ferskaat dêryn kinne de natuer beskermje tsjin de tanimmende befolkingsdruk, mear lângebrûk en de klimaatferoaring.



SDG 16 – Frede, justysje en sterke publike tsjinsten

SDG 16 rjochtet him op it befoarderjen fan in freedsume en feilige mienskip. De doelen geane sawol oer feiligens en frede as oer ynstitúsjes.

Dat SDG rjochtet him op it stimulearjen fan in fredige mienskip, dêr't elkenien yn meikomme kin. Dêr binne duorsume ûntwikkeling, tagong ta justysje foar elkenien en it kreëarjen fan iepen ynstellingen belangryk.

By feiligens en frede heart it ferminderjen fan alle foarmen fan geweld en de stjerte dy't dêr it gefolch fan is. In spesjaal omtinken giet út nei geweld tsjin bern en nei organisearre misdied.



SDG 17 – Partnerskip om doelstellingen te berikken

It santjinde en lêste SDG hat in wat oar karakter. It giet oer it foarmjen en it behâld fan gearwurkingen om dêr de oare sechstjin doelstellingen mei berikke te kinnen.

It ynternasjonale gearwurkjen is belangryk om de kapasiteit en middels frij te meitsjen om de duorsume ûntwikkelingsagenda út te fieren.